

GAASTMEER, WAAR GELOVEN SAMENKOMEN

Wat is dit foar in gjalp? It is it tema fan de tsjerketsjinst op 23 juny oankommend. Dat wurdt in bysûndere tsjinst, dêr't wy stil steane en betinke dat de klok yn 'e tsjerketoer sûnt FIFHUNDERT jier goed en min nijs oer ús doarp ferspraat hat.



Dy klok is wijd oan Maria, de mem fan Jezus, dat stiet op 'e râne, soks wie doe húsriem. Rûchwei in jier ferlyn waard de tsjerketoer binnenyn op 'e nij foege en waard leechhelle. Der kaam in grut pak papier foar it ljocht, en it die bliken dat it in âlde Mennistebibel út 1624 wie. Der waard in kommisje foarme en dy is op syk gien nei jild om de bibel te restaurearjen. It is slagge om it jild, út it hiele lân wei, byinoar te krijen. Dat is no hast klear, Yme Jansen sil in fitrine meitsje en dêr kin dan elkenien de bibel besjen. Dizze bibel wurdt oan de tsjerkerie oanbean.

Fierders wurdt der stilstien by ús preekstoel. Dy is út it begjin fan de 17-de iuw, om 1610–1620 hinne. Dêrfoar wie der nei alle gedachten gjin preekstoel, omdat yn de Roomske tsjerke in alter brûkt wurdt. Doe't hjir yn 1610 de earste



Protestantske dûmny kaam, moast der dus in preekstoel komme. Dat sil fuort dêrnei bard wêze.

De klok wie dus earst Roomsk, de bibel in Mennistebibel en de preekstoel Protestantsk.



Dêrom gean yn dizze tsjinst op 23 juny trije geastliken foar, in Roomske pastor, in Mennistedûmny en ús eigen pastor Ludwine Andel.

It wurdt in bysûndere tsjinst. Alle stichtingen en minsken, dy't bydroegen hawwe oan de bibelrestaaraasje, wurde hjirfoar útnûge. Sadwaande: 'Gaastmeer, waar geloven samenkomen.'

Om healwei tsienen is der earst mienskiplik kofjedrinken mei wat lekkers, om tsien ûre begjint de tsjinst en nei ôfrin binne der broadsjes, omdat minsken dy't bydroegen hawwe yn de kosten fan de bibelrestaaraasje, foar in part ek fan fier komme moatte.



It wurdt in prachtige tsjinst! Jimme binne allegearre fan herte útnûge!

Ut namme fan de bibelrestaaraasjekommisje,
Cees van Mourik